

Yn 'e Frije Futsjefinne

In jûn by it sinne-ûndergean,
it gea lei read te gluorkjen,
dêr kaam in swalker oer it paad,
dy sei: Hâld dochs op fan buorkjen!
Ik sil nei in lân hjir einen wei
dêr't kristallen fearten rinne.
Dat kom mar mei, dan gean wy nei
de Frije Futsjefinne.

Yn 'e Frije Futsjefinne
leit in lân sa rom en ryk:
men kin yn 't fjild wol sliepe
en it jild leit op 'e dyk.
Alle skuorren stean dêr iepen,
alle dagen is 't moai waar
foar de einepiketeam
by de peukjebeam
by de ranjesaad
dêr't de âld swarte praat -
yn 'e Frije Futsjefinne.

Yn 'e Frije Futsjefinne
hat de blaumich in houten poat,
de hiemdogge hat in keunstgebyt
dat ik hofkesjong by 't soad.
De hin dy leit in farsk sean aai
en de golle leit fol hea.
'k Woe dat 'k der wie
want dêr is gjin snie,
gjin rein of wyn
inkeld sinneskyn
yn 'e Frije Futsjefinne.

Yn 'e Frije Futsjefinne
hoechst gjin sjippe op it fel
en lytse rillen bearenburch
rinne by de wâlen del.
De boeren meitsje paad foar dy,
de domenys bin blyn.
Der leit in marfol brij
mei bier derby,
do kinst dêr boatsjefarre
en nim dyn flj -
yn 'e Frije Futsjefinne.

Yn 'e Frije Futsjefinne
hat it hûnegat gjin doar,
en hast dyn nocht dan rinst mar fuort
want se brûke in pepieren tsjoar.
Dêr bin gjin twatynfoarken
gjin wjudder, seine of houk.
Ik bliuw tenei
dêr't men sliept oerdei,
dêr hinget de skurk
dy't begûn oer wurk:
yn 'e Frije Futsjefinne.

Ik sis: it beste, en oant fan 't hjerst
yn 'e Frysk en Frije Futsjefinne.

Liuwe Westra Lollum